

# MUSEUM SKATSJES

## WAT IS DYN MUSEUMSKAT?

### 1. DYN SPESJALE SKAT

(YN DE KLASSE)

#### Opdracht 1

Sjoch ris goed om dy hinne. Watfoar foarwerp falt dy op?

Besykje om trije dingen op te skriuwen dy't dy opfalle oan dat foarwerp:

1. ....
2. ....
3. ....



## Opdracht 2

Sommige foarwerpen binne hiel belangryk omdat se freeslik âld binne of omdat se in spesjale betsjutting foar immen hawwe. Sa'n foarwerp wolst foar altyd bewarje, it is dus einliks in soarte skat. Hasto ek sa'n skat?

Beskriuw dyn skat.

Myn spesjale skat sjocht der sa út: .....

Myn skat is sawat ..... sintimeter heech en ..... sintimeter breed en ..... sintimeter djip.

Ast myn skat oppakst, weacht er .....

Myn skat hat de kleur(en) .....



## Opdracht 3

Wêrom is dyn skat no just sa spesjaal? Meitsje de sinnen ôf en set in rûntsje om it goede wurd.

Ik ha myn skat krigen / fûn / kocht / .....

Myn skat is makke fan ..... en dat is wol / gjin djoer materiaal.

Ik tink dat der wol / net in soad deselde foarwerpen binne as myn skat.

Myn skat is dus wol / net seldsum.

Myn skat is wol / net âld. Dat kinst sjen oan .....

Ik fyn myn skat wol / net moai omdat .....

Ik bewarje myn skat omdat .....



## 2. DYN MUSEUMSKAT

(YN IT MUSEUM)

### Opdracht 4

Do giest no op syk nei in skat. Hast al ien fûn? Meitsje dan dizze fragen!

Hoe sjocht dyn museumskat der út?	Antwurden
Is hy grut of lyts?	<input type="radio"/> Grut <input type="radio"/> Lyts
Watfoar kleur(en) sjochst?	
Watfoar tekens of letters sjochst op dyn skat?	
Stiet der ek in ôfbylding op dyn skat?	<input type="radio"/> Ja <input type="radio"/> Nee
Is dyn antwurd 'Ja', watfoar ôfbylding sjochst dan?	
Asto dyn skat fêsthâlde mochtst, hoe soe er dan oanfiele?	
Fynsto dyn skat moai om te sjen?	Ja / nee, omdat
Hoe sjocht dyn museumskat der út?	Antwurden
Wat is de namme fan dyn skat?	
Wat dienen se eartiids mei dyn skat?	
Troch wa waard er eartiids brûkt?	
Kinsto him ek brûke?	Ja / Nee, want
Hoe is dyn museumskat makke?	Antwurden
Is hy mei de hân makke of mei masines?	<input type="radio"/> Mei de hân makke. <input type="radio"/> Mei masines makke. <input type="radio"/> Oars,
Fan watfoar materiaal is dyn skat makke?	
Fynsto dat dyn skat knap makke is?	Ja / nee
Hoe âld is dyn museumskat?	Antwurden
Hoelang ferlyn is hy makke?	
Tinksto dat dyn skat in seldsum foarwerp is?	
Is dyn museumskat in soad jild wurdich?	Antwurden
Soenen minsken foar dyn skat jild betelje wolle?	Ja / nee, omdat
In museumskat hat meastal in ferhaal.	
Watfoar ferhaal heart by dyn skat?	

### Opdracht 5

Hoefolle is dyn museumskat einliks wurdich? Folje dat yn op de weardemjitter. Set hieltyd in rûntsje om it sifer, 10 is it heechste en 1 is it leechste.



Bysûnderheden fan myn museumskat	punten fan 1 oant en mei 10									
Hy is moai of knap makke	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10
Hy is makke fan djoer materiaal (bygelyks goud)	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10
Hy is seldsum	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10
Hy is âld	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10
Minsken wolle der in soad jild foar betelje	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10
As ik nei it foarwerp sjoch, jout dat in bysûnder gefoel	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10
Myn museumskat hat fan in hiele bekende persoan west	1	2	3	4	5	6	7	8	9	10

Tel no alle punten byelkoar op en skriuw it einsifer yn dit fakje

## 3. MYN MUSEUMSKAT IS DE GRUTSTE SKAT FAN FRYSLÂN! (YN DE KLASSE)

### Opdracht 6

Dyn museumskat is fansels hiel bysûnder en dat moat elkenien witte! Folje de stippellyntsjes hjirûnder mar yn.

Myn museumskat is in ..... Hy is te sjen yn .....

Wat fyn ik sa moai oan myn museumskat: .....

Myn museumskat is 'hiel' / 'net sa' âld en is 'bêst wol' / 'net sa' seldsum.

Ik tink dat oare minsken myn museumskat wol hawwe wolle soenen, omdat .....

Ik fyn dat elkenien myn museumskat sjen moat, omdat .....